Op 'e Skille is in útjefte fan Utjouwerij Bokma

2 febrewaris 2012 • 48ste jiergong • Nûmer 3

Sis net wat jo dogge, mar doch wat jo sizze

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



### Meisje uit Weidum is even in Haarlem

Zeventiende eeuws portret van Anna van Popma te bewonderen op expositie Teylers Museum

pagina 3 >




### Grotere winkel levert banen op

Uitbreiding van supermarkt Jumbo Kooistra aan de Terp in Wommels geen eenvoudig klus

pagina 5 >



### In hok yn de tún mei in ferhaal

Arjen en Greta Terluin út Hilaard hawwe al mear as 25 jier in passy foar dowen

pagina 13 >



## Koud feestritje voor Juf Anja

*Stapt ze anders altijd op de fiets, woensdagmorgen arriveerde Anja Bos per zijspan in Spannum. Op deze manier wilden kinderen, ouders en leerkrachten van de christelijke basisschool 'De Tarissing' juf Anja in het zonnetje zetten. Anja Bos staat namelijk 25 jaar voor de klas. Al heel wat jaartjes geeft ze les in Spannum. Na het koude ritje in de zijspan werd ze door de kinderen verwelkomt aan het begin van het dorp. Voor deze gelegenheid hadden de kinderen hun fietsen versierd. Het jubileumfeest werd later voortgezet in dorpshuis Us Gebou.*

# Douwe van der Werf helpt feehâlders fjirtich jier foarút

**Easterwierrum – ,,It wie al in hiele foarútgong. In molklieding yn it bûthús. De molke kaam yn in tank en net mear yn in amer." It is fjirtich jier lyn dat Douwe van der Werf út Easterwierrum foar it earst by de molkfeehâlders kaam om in molklieding oan te lizzen.**

*Troch Hinne Bokma*

Van der Werf komt noch altiten by de boeren. Net mear om yn it bûthús in molklieding oan te lizzen, mar om in hypermodern molkstâl te pleatsen. Van der Werf (62) is op 1 febrewaris fjirtich jier as monteur yn tsjinst by De Laval Manus Noord (Faber) yn Snits. Dit bedriuw is spesjalisearre yn molkemasines en molkrobots.

### Technysk oanlein

De boeresoan Douwe wie technysk oanlein en gong nei de legere skoalle dan ek nei de technyske skoalle yn Boalsert. Hy wie sechstjin, doe't er by Landbouwwerktuigenfabriek Miedema yn Winsum oan de slach koe. ,,Wy makken dêr grutte weinen foar de molkbussen", fertelt Van der Werf. Nei in jier of seis waard Van der Werf 'útliend' oan smit Ebbinga yn Easterlittens. ,,Easterlittens krige ierdgas en dêr hie Ebbinga it drok mei." Doe't dat wurk dien wie, gong Van der Werf wer werom nei Miedema.
Mar hy hie doe efkes preaun oan it wurkjen yn de bûtenloft. Dat foldie him skoan en doe't der by Faber yn Snits in baantsje fan monteur frij kaam, wie Van der Werf gau út 'e rie. ,,Ik mocht it fjild yn." Hy gong nei de boeren om molkliedingen oan te lizzen en letter om molkmasines te pleatsen. Faber krige letter it dealerskip fan it Sweedske konsern Alfa Laval. Van der Werf is altiten by it bedriuw bleaun. De oanstriid om noch ris fan baan te feroarjen wie der net. Yn de ôfrûne fjirtich jier hat er alle feroarings by de greidboeren fan ticht by mei makke. De automatisearring gong hieltiten troch. De opkomst fan de lisboksstâl, de hieltiten ferbettere molkstâlen. It begûn mei in stal foar twa kear fjouwer kij, hjoed de dei is in stal fan twa kear tolve kij hiel gewoan en de draaistâl is geskikt foar fjirtich kij. ,,De skaalfergrutting hat ús in protte wurk opsmiten", fertelt Van der Werf.



*Douwe van der Werf fjirtich jier monteur*

Van der Werf is net folle op de saak yn Snits te finen. ,,Ik gean der altiten op út. Ik komt altiten wer op plakken, dêr't ik noch nea west ha. Prachtich wurk. Je meitsje wat en dat jout in goed gefoel", seit de jubilaris. By inkele boeren is er yn de ôfrûne fjirtich jier wol trije kear west om in stal te fernijen. Dat begûn dan yn it bûthús mei in lieding en dat einige mei in moderne molkstâl. ,,Boeren tinke altiten al wer oan de folgjende stap."

Timmer- & Aannemersbedrijf Van Ruiten
Tel. 06 24 629 763 | WOMMELS
www.aannemervanruiten.nl

Lytse Doarpen Rintocht
Zaterdag 21-04-2012 in Reahûs
www.lytsedoarpenrintocht.nl

Clara
PEDICUREPRAKTYK
medisch pedicure
Uw voeten in goede handen



Tjessingawei 8, Hilaard
M 06 - 55 56 44 08
T 058 - 251 93 78
www.pedicurepraktykclara.nl

Weg met die hooikoorts!
In de maand februari 50% korting op NEI sessie.
www.sinneflecht.nl
De Friesland vergoedt.